

**Tink dy tûk!**



*Filosofearje mei de feesten*

*Bêste bern en learkrêften,*

*Mei ' filosofearje mei feesten ' sille jim al filosofearjend wizer wurde  
oer de ferskillende feesten dy 't der yn Fryslân foar komme kinne.  
Meitsje der in feestje fan. Lês, laitsje, tink en praat... tink dy tûk!*

*In ynspirearjende groet,  
Jolanda Verhoef*



## Kolofon

Dizze útjefte is ta stân kommen yn it gearwurkingsprojekt Ynspirearjend Meartalich Underwiis fan it Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid fan NHL Stenden Hogeschool en Cedin.

In spesjaal wurd fan tank giet út nei de learkrêften en studinten dy't dit spul mei harren groep útprebarre hawwe en nei de Provinsje Fryslân foar de finansjele stipe.

Idee, tekst en ûntwerp: Jolanda Verhoef




Earste printinge 2022

[www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl](http://www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl)



# Ynhâld

- **Wêrom, hoe en wat**
- **Sokratyske fragen en sokratyske hâlding**
- **Ëftergrûn fan de feesten**
- **1 jannewaris - Nijjier - Wat is lok?**
- **14 febrewaris - Falentynsdei - Wat is leafde?**
- **febrewaris - Karnaval - Wa bin ik?**
- **april - Peaske - Wat is libben?**
- **27 april - Keningsdei - Wa is de baas?**
- **5 meie - Befrijingsdei - Wat is oarloch?**
- **meie - Sûkerfeest - Wat is lekker?**
- **1 july - Keti Koti - Wat is frijheid?**
- **31 oktober - Haloween - Wat is bang wêze?**
- **11 novimber - Sint Marten - Wat is fuortja**
- **14 novimber - Divali - Wat is rykdom?**
- **5 desimber - Sinteklaas - Wat is een kado?**
- **25/26 desimber - Kryst - Wat is moai?**
- **????? - Jierdeifeest - Wat is in namme?**



## WÊROM?

Hast wille mei inoar!  
Learst gearwurkjen  
Learst inoar kennen  
Learst kritysk tinken  
Learst dysels kennen  
Learst dat de wrâld net swart-wyt is  
Learst analysearjen  
Untwikkelest dyn taal  
Learst om goed te sjen  
Learst kommunisearjen



Bist mei de Fryske kultuer en aktyf boargerskip  
dwaande

## HOE?

1. Lis de tinkmat yn it midden fan de kring.
2. Lit de bern deromhinne stean as jimme filosofearjen gean mei stellingen "Ja Jonge, Nee Juh!" of dilemma's "Harrekrastes".
3. Fertel in stelling (of dilemma) en lit de bern neitinke.
4. Dan rinne se nei de kant fan 'e matte dy't oerienkomt mei har antwurd.
5. Fier in filosofyske dialooch troch sokratyske fragen te stellen en de sokratyske hâlding oan te nimmen.
6. Bern kinne tidens it petear fan kant wikselje.

By filosofearje mei fragen sitte de bern om de matte en hoe se gjin kant te kiezen.

## WAT?

Filosofearje-aktyf boargerskip

Meartaligens-filosofearje-  
2xaktyf boargerskip

Kultuer-meartaligens-filosofearje-  
3xaktyf boargerskip

Filosofy: freon fan de wiisheid.  
Tegearre neitinke oer fragen dêr't we noch  
gjin antwurd op hawwe. Troch kritysk te  
tinken en de dialooch  
oan te gean.



# TINK DY TUK!

jolanda.verhoef@nhlstenden.com



# SOKRATYSKE FRAGEN




**Ophelderingsfraach:**  
Kinst dat útlizze,  
kinst in foarbyld  
jaan, wat bedoelst  
mei...?



**Bewiisfraach:** Wêrom  
tinksto dat? Kinsto dat  
oantoane? Wêr hasto  
dat op basearre?



**Tsjinoerstelde-fraach:**  
Jildt dat ek foar ..? Is dat  
altyd it gefal? Kin it  
tsjinoerstelde wier  
wêze? Stel dy foar dat...?  
Wa tinkt wat oars?



**Boufraach:** Dan jildt  
dat ek foar ...? Dan  
betsjut dat ..? Ja en  
...? De konsekwinsje  
is ...?



**Konklúzjefraach:** Is dêr in  
regel foar? Wat hawwe wy  
ûntdutsen? Kinsto dit  
geartetsje?



**Evaluaasjefraach:** Hoe gie  
it petear? Bisto wizer  
wurden? Tinksto no oars?  
Hoe wie dyn ynbring?



# SOKRATYSKE HÂLDING



**Lit de oar skitterje:**  
Praat koart. Stel  
fragen. Moedigje  
inoar oan. Fertrou op  
elkoars tinkkrêft.



**Ik wit dat ik neat wit.**  
Stean iepen foar in  
oare miening, doar  
dyn eigen miening te  
feroarjen.



**Harkje, wês  
nijsgjirrich. Brûk de  
krêft fan stilte.**



**Sjoch elkenien  
oan en net de  
learkrêft.**



**Doar te praten. Fertel  
dyn gedachtes. Praat  
yn de ûntdekkingstaal  
I.s.f. wy- of ik-taal**



**Stel sokratyske  
fragen.**



**Folgje de tinkline fan  
in oar. Tink mei,  
gean fierder op wat  
in oar seft.**



**Bliuw by it  
filosofyske tema.**



**Praat foaral mei-  
inoar, sûnder  
beurten, sûnder  
learkrêft.**



**Ha wille foar it  
filosofyske. Jouw  
abstrakte  
antwurden!**

# EFTERGRÛN



*Keti Koti, de Surinaamske nasjonale feestdei, wurd ek wol de dei fan de 'Vrijheden' en 'Kettingsnijden' neamt. Op dizze dei, op 1 july, fiert en belinkt men it ôfskaffen fan de slavernij.*



*Tidens Divali wurdt de Hindoe-goadinne Lakshmi (goadinne fan rykdom, sukses, ljocht en frede) fereare. It is ek bekend as "It feest fan it ljocht". Yn de praktyk wurde lytse lampen ( diya 's ) oanstutsen, wurd it hûs skjin makke en ropt de frou yn eltse keamer: "Lakshmi kom deryn, earmoede ferdwyn!"*



*Peaske is de wichtichste kristlike feestdei. Men fiert de ferrizenis fan Jezus út de dea. Ea wie it ek in lânboufeest. Men stopte aaien yn 'e grûn foar in krêftige boaiem. Peaske is ek in lentefeest, de natuer gegjint op 'e nij. It aai is in symboal fan nij libben.*



*Karnaval is in folksfestival fan trije dagen. Karnavalbesikers gean ferkleid nei de feesten en de optochten, men is efkes immen oars. Alles is fersierd mei maskers en serpentes en de feestmuzyk bestiet út karnavalferskes.*



*It sinteklaasfeest is in jierliks folksfeest om de folkloristyske figueren fan Sinteklaas en Swarte Pyt hinne dat op 5 desimber yn Nederlân en de Dútske grinsregio en op 6 desimber yn België fierd wurdt. De sinteklaastiid fangt heal novimber oan mei de yntocht fan Sinteklaas op de earste sneon nei 11 novimber Sint-Maarten, folge troch in perioade fan de skoech setten oant Sinteklaasjûn, pakjesjûn.*



*It Sûkerfeest is in islamityske feestdei dêr't de ein fan de ramadan op fierd wurdt.*



*Nijjersdei is de dei wêrop it begjin fan it nije jier fierd wurdt. Yn 'e westerske wrâld is dit op 1 jannewaris. Men winsket elkoar dan folle lok en seine.*



*Befrijingsdei is de Nederlânske nasjonale feestdei op 5 maaie wêrop alle jierren de befrijing fan de Dútske besetting yn Nederlân yn 1945 fierd wurdt. Nederlân stiet op 5 maaie ek stil by de grutte wearde fan frijheid, demokrasy en minskerjochten.*



*Falentynsdei is in dei dat leafden inoar ekstra omtinken jouwe mei bygelyks kadootsjes, blommen of kaarten. Falentynsdei wurdt fierd op 14 febrewaris.*



*Keningsdei, op 27 april, is de nasjonale feestdei dêr 't de jierdei fan de Kening op fierd wurdt.*



*It sint-maartensfeest wurdt op 11 novimber, of somtiden de jûn dêrfoar, fierd yn parten fan België, Nederlân, Noard-Frankryk, guon Dútsktalige gebieten, Portugal en Hongarije. Sint-Marten waard bekend trochdat er as soldaat de helte fan syn mantel joech oan in earme bidder en nei in dream keas om fierder te libjen as in kristen.*



*Halloween is in feestdei op 31 oktober. Dit bart meastal yn de foarm fan lâns de doarren gean en snobbersquod ophelje, healwize feesten en it fersieren fan huzen.*



*Krystfeest is fanâlds in wichtich midwinterfeest. Troch kristenen wurdt dan de berte fan Jezus Kristus fierd.*

# NIJJIER

## Wat is lok?



"Tink dy Tûk!"

Asto immen lok winskeat wurdt  
dy dan ek lokkich?  
Meist immen gjin lokkich nijjier  
winskje?

Bist lokkich ast fjoerwurk  
oanstekke kinst?

Wurde bisten lokkich mei  
fjoerwurk?

Bist lokkich ast 1 miljoen winst?  
Wêr komt lok wei?

Wêrom winskje we elkoar  
lokkich neijier?

Fiere alle minsken lokkich  
neijier?



*Tinkeksperimint*

Wat as elkenien op de wrâld  
net lokkich wie?



"Ja jongu, nee juh!"

Neijier sûnder  
fjoerwurk is gjin neijier!  
Sûnder freonen bist net  
lokkich!

Bern binne lokkiger as  
grutte minsken.

Bisten binne lokkiger  
as minsken!

Earne minsken binne  
net lokkich!

In finzene kin lokkich  
wêze!

Lok moast sels meitsje!

Lok kinst keapje!



"Harrekrastes!"

Nea wer fjoerwurk of eltse dei  
fjoerwurk...

It is altyd ljocht bûten of  
it is altyd tsjuster bûten...

Nea wer sjen kinne of  
nea wer hearre kinne...

Altyd ear beskermers op of  
altyd wanten oan...

# FALENTYNSDEI

## Wat is leafde?

"Tink dy Tûk!"



Is der in knopke  
om fereale te  
wurden?

Kinne bisten ek  
fereale wurde?

Kinst op in taal  
fereale wêze?

Wêrom wurde  
mînsken  
fereale?

Mei in jonge  
fereale wêze op  
in jonge?

Is fereale  
wêze altyd  
leuk?

Kinst it tsjinhâlde  
om fereale te  
wêzen?

*Tinkeksperimint*  
Hoe soe't wêze as elk  
op 'e wrâld fereale is?

Bliuwt dyn freon dyn  
freon as fereale op  
him bist?

"Harrekrastes!"



Feane kinne as in  
flinter of ûnder wetter  
adenje kinne as  
in fisk...

Fereale wêze op  
spiderman of de  
hulk...

"Ja jongu, nee juh!"



Wjukken op 'e rêch of  
in ienhoarn op 'e  
holle...

Dyn freon kin nea  
fereale op dy  
wurde!

Kinst fereale wêze  
op in taal!

Nea fereale wêze of  
wyklik op  
in oar...

Fertelle dast fereale bist  
troch in ferske te sjongen  
of op 'e holle te  
stean...

Fereale wêze is net  
leuk!

In famke kin net  
fereale wurde op  
in famke!

Meist mar op ien  
tagelyk fereale  
wêze!





# KARNAVAL

## Wa bin ik?



*Tinkeksperimint  
Stel dat elkenien op 'e  
wrâld in masker op hat?*



### "Tink dy Tûk!"

*Hoe kinne jo witte wa't jo binne?  
Bist in bist?*

*Wat moatte jo kinne om in minsk te wêzen?*

*Kinne jo soms immen oars wêze?*

*Kinne jo wurde wa't jo sels wolle wêze?*

*Binne jo wat jo fan josels sjogge?*

*As ik myn hier knip, sil it dan noch mines wêze?*

*Is myn skaad mines?*

*Wat hat myn memmetaal mei myn ik te meitsjen?*



### "Ja jongu, nee juh!"

*Myn mem is in oare mem as se  
in oare taal praat!*

*Thús bin ik mear mysels as op skoalle!*


*Ik bin itselde as oare minsken!*

*Ik kin kieze wa't ik bin!*

*As ik in masker op ha bin ik net mear mysels!*

*Myn memmetaal is in stikje ik!*

*As ik blyn bin, dan bin ik oars!*



### "Harrekrastes!"

*Alltyd in masker op of alltyd in clownspak oan...*

*Eltse dei itselde grapke heare of nea wer in grapke heare...*

*Alltyd dyn skuon oanhâlde of alltyd op sokken rinne...*

*De sturt fan in pau hawwe of de waffel fan in ein...*

*Alltyd karnavalmuzyk of alltyd krystmuzyk...*

*Betink der sels in pear...*



# PEASKE

## Wat is libben?

**Tinkeksperimint**  
Stel dat der gjin minsken  
op 'e wrâld wiene?

**"Tink dy Tink!"**



Libje wy mei tank oan ús men en heit?  
Kinne jo sûnder oaren libje?

Werom libje jo?  
Kinne alle minsken it selde?  
Libje alle dingen ek libje?

Kin alles wat libbet in lûd, meitsje?  
Groeit alles dat libbet?  
Libje wy op de juste manier?  
Is it libben fan 'e minske wichtiger as  
it libben fan planten en bisten?



**"Ja jongu, nee juh!"**

De minsk is wichtiger as in bist!  
Wy libje omdat God dat woe!  
Wy libje om te wurkjen!  
Wy libje om fan it libbente genietsjen!  
Wy libje omdat ús âlders elkoar sûn ha!  
Wy libje om bern te krijen!  
Wy libje foar in oar!  
Wy libje net goed!

**"Harrekrastes!"**



Libje sûnder bisten of libje sûnder beammen...  
In jier lang libje yn 'e tún of libje op dyn keamer...  
Libje sûnder muzyk of sûnder films...  
Libje mei altyd jokte of altyd prûste...  
Libje mei in ekstra finger of in ekstra tean...  
Libje yn 'e woestyn of op in ûnbewenne eilân...


# KENINGSDEI

## Wa is de baas?



### "Tink dy Tük!"

Wannear bist de baas?  
Wat bestjut dat baas wêze?  
Kin elkenien de baas wêze?  
Binne minsken de baas oer  
de bisten?  
Werom binne der bazen?  
Kinst ek de baas wêze oer  
dysels?  
Ast de baas bist, meist dan  
alles dwaan watsto wolst?  
Wa is de baas fan de taal?




### "Ja jongu, nee juh!"

De Kening is de baas!  
As de bern de baas binne  
dan is der in bettere wrâld!  
Do kinst nea de baas wêze  
oer dysels!  
Net elkenien kin de baas  
wêze!  
Alle bazen binne goed!  
De wrâld kin net bestean  
sûnder bazen.



### "Harrekrastes!"

De baas wêze mei in  
pearske noas of mei griene  
earen...  
De baas fan de seeën of de  
baas fan de bosken...  
Kening wêze of presidint...  
Baas fan fuortbalklub  
Hearrefean of Ajax...  
Baas wêze mar net lokkich  
of net in baas wêze mar  
lokkich...



*Tinkeksperimint*

Stel dat der gjin bazen  
mear wiene?  
Stel de bisten binne de baas  
oer de minsken?  
Wat as bern de baas wiene?

# BEFRIJDINGSDEI

## Wat is oarloch?



### "Tink dy Tûk!"

Wannear wurd spul oarloch?  
Wannear is ien in slecht persoan?  
Ast in ferkearde gedachte hast, bist dan in slecht minsk?  
Witte slechte minsken fan harren sels dat se ferkeard binne?  
Kin elkenien in ferkeard minsk wurde?  
Meie minsken deadzje?  
Kin in goed minsk soms slecht wêze?



Tinkeksperimint  
As der altyd oarloch is, wist  
dan wol wat oarloch is,  
As der altyd frede is, wist  
dan wol wat frede is,  
As der altyd frede is, wist  
dan wol wat oarloch is?

### "Ja jongu, nee juh!"

Elkenien kin in slecht minsk wurde!  
Ast ien deade hast bist altyd in slecht minsk!  
Slechte minsken witte dat se slecht binne!  
Oarloch komt troch eangst!  
Oarloch komt troch jaloeskens!  
Bern meitje gjin oarloch!  
Minsken meie net deadzje!

### "Harrekrabbes!"

Alles sizze wat sto tinkst of nea wer prate...  
Do krigest in stomp fan in prof-bokwer of  
do slagst in bern yn it iepenbier...  
Do skopst dyn mem of do skopst dyn beste  
freon...  
Altyd neie minsken knuffelje of foar neie  
minsken dingsje...



# SÛKERFEEST

## Wat is lekker?

### "Tink dy Tûk!"

Wannear is yts lekker?  
Wannear is yts fjis iten?  
Kin yts dat der lekker útsjocht dochs fjis wêze?  
Kin smaak feroarje?  
Kinst it leare yts lekker te finen?  
Moast altyd alles opite?  
Meist mei iten boartsje?

Tinkeksperimint  
Hoe soe de wrâld derút sjen as  
elkenien itselde lekker fynt?

### "Ja jongu, nee juh!"

Yts dat der lekker útsjocht is lekker!  
Meist mei iten boartsje as it net lekker is!  
Meist nea iten fuortgoaie!  
Dyn smaak feroaret nea!  
Alle minsken hâlde fan sûker!  
Alle minsken moatte fegetarysk iten ite!  
Sûker soe ferbean wurde moatte!

### "Harrekrastes!"

Nea wer patat ite of nea wer snoep ite...  
Ellse dei cola drinke of ellse dei poeiermolke...  
Altyd tefolle iten of altyd te min om te iten...  
Altyd steant ite of altyd lizzend ite...  
Altyd ite yn in restaurant of  
altyd thús ite...

# KETI KOTI

## Wat is frijheid?




**Tinkeksperimint**  
Stel dat alle bisten fry  
wiene?



**"Tink dy Tink!"**

Kinst alles dwaan wat' sto wolt?  
Hâlde oaren dy tyn om fry te wêzen?  
Kin in finzene fry wêze?  
Wêr is dyn frijheid foar?  
Hawwe wy allegear it rjocht om fry te  
wêzen?



**"Ja jongu, nee jubh!"**  
Folwoeksenen bin frijer as minsken!  
Bisten binne frijer as myn lichem!  
Ik bin in gevangene fan myn wêze!  
Kinst nooit hielendal fry wêze!  
Kinst fry wêze en tagelyk net lokkich!



**"Harrekrastes!"**

Nea wer fry om te boartjen of nea wer fry om te sjongen...  
Sa fry as in fûgel of sa fry as in fisk...  
Fry wêze mar gjin letters kinne of fry wêze mar gjin sifers  
kinne...  
Nea wer sels muzyk kieze of youtube filmkes...

# HALLOWEEN

## WAT IS BANG WÊZE?



*Tinkeksperimint  
Stel dat it elke dei  
Halloweenfeest wêze soe?*



*"Tink dy Tûk!"*

*Is it goed om bang te wêzen?  
Kinst foar dysels bang wêze?  
Meist minsken bang meitsje?  
Kinst kieze wêr'tsto bang foar bist?  
Kinst bang wêze foar in oare taal?  
Kinne robots bang wêze?  
Kinne bisten bang wêze?*



*"Ja jongu, nee juh!"*

*Bern binne banger as grutte minsken!  
Bisten binne banger as bern!  
Spinnen binne enger as slangen!  
Bern kinne better minsken bang meitsje dan bisten!  
Kinst sels kieze wêr'tsto bang foar bist!  
Soldaten binne nea bang!  
Meist nea bisten bang meitsje!*



*"Harrekrastes!"*

*Eltse dei Halloweenfeest of elke dei Peaske...  
Nea wer bang yn 't tsjuster of nea wer bang foar yts  
nijs..  
Eltse dei skrikke fan spinnen of eltse dei skrikke fan  
slangen...*

*Betink der sels in pear*



# SINT MARTEN

## Wat is fuortjaan?



### "Tink dy Tük!"

Moast altyd yts fuortjaan?  
Kinne alle minsken yts fuortjaan?  
Kinst ek dreamen of ferhalen fuortjaan?  
Moast altyd wat werom jaan  
(sa as sjonge of in lampion sjenlitte)?  
Moatte ryke minsken mear jaan as  
earme minsken?  
Moast snoep jaan by Sint Maarten?  
Moast in ferske sjonge?  
Kryst mei in selsmakke lampion mear?  
Moast altyd bedankt sizze ast wat  
krigen hast?  
Ast net lokkich bist mei watsto krigen hast,  
moast dat dan sizze?



### "Ja jongu, nee juh!"

Alle minsken moatte yts jaan mei Sint Maarten!  
Do meist allinich mei in selsmakke lampion  
rinne!  
Ryke minsken moatte mear jaan dan earme  
minsken!  
Do moast altyd bedankt sizze ast wat krigen  
hast!  
Do moast it sizze ast net lokkich bist mei watsto  
krigen hast!  
In ferske fuortjaan is moaier as in snoepke  
fuortjaan!

### "Harrekrastes!"

Nea wer snoep krije of nea wer chips krije...  
Altyd tankje mei in búging of altyd tankje mei in  
ferske...  
Altyd wat krije of altyd wat fuortjaan...  
Eltse dei in stik taart of eltse dei patat krije...  
In hún krije of in kat...





# DIVALI

## Wat is rykdom?



### "Tink dy Tük!"

Is der in baas fan rykdom?  
Is rykdom goed?  
Moat elkenien ryk wêze?  
Mei elkenien ryk wurde?  
Makket rykdom lokkich?  
Kinne beammen ryk wêze?  
Kinst ryk wêze sûnder jild?

*Tinkeksperimint*  
Stel dat elkenien op 'e  
wrâld ryk wie?



### "Ja jongu, nee juh!"

In ryk man is lokkiger as in swerver!  
De natoer is rykdom!  
Beammen binne ryk!  
Kinst ryk wêze sûnder jild!  
Net elkenien mei ryk wêze!



### "Harrekrastes!"

Ryk wêze en gjin freonen of in swerver mei freonen...  
Ryk wêze en altyd in snottebel of ryk wêze en altyd de hik...  
Ryk wêze en nea wer nei de kapper of ryk wêze en altyd keal...  
Ryk wêze en de hals fan in giraffe ha of ryk wêze en de slurf fan in  
oaljefant...

# SINTEKLAAS

## Wat is een kado?



*"Ja jongu, nee juh!"*

*In feest sûnder kado's is gjin feest.  
In kado dast net fêstpakke kinst is gjin kado.  
In grut kado is better as in lyst kado.  
Bern hearre mear kado's te krijen as folwoeksenen.  
In kado meist net fuort jaan.  
Ellensien hat al genôch, stop mei kado's jaan  
In kado mei net mear ynpakt wurde.  
In kado krije is makliker dan in kado jaan.  
Ast net bliid bist mei in kado, sis it dan.*



*"Harrekrastes!"*

*In jier lang gjin kado's of in jier lang net sporte...  
Elk Sinterklaasfeest in kado krije mar gjin freonen ha of gjin kado krije en freonen ha...  
Altyd deselde kado's krije of altyd deselde klean drage...  
Sinterklaasfeest sûnder Sinterklaas of Sinterklaasfeest sûnder Piet...  
Nea wer Sinterklaasfeest of nea wer Krystfeest...  
Nea wer mei buortersguod boartsje of nea wer op in tablet spylje...  
Altyd yts jaan of altyd yts krije...*



*"Tink dy Tûk!"*

*Wat is een goed kado?  
Wêrom jouwe wy kado's?  
Ast net bliid bist mei in kado moast dat dan sizze?  
Moast mei Sinterklaas kado's krije?  
Meist in kado dast krigen hast fuortjaan?  
Is in selsmakke kado in kado?  
Moat in presintsje jild kostje?  
Is in kado itselde as in ferrassing?  
Is in dom kado ek in kado?  
Moatte jo in presintsje fertsjinje?  
Fynt elkenien itselde kado leuk?*



*Tinkeksperimint  
Wat as elkenien op de wrâld nea wer in kado kryt?*

# KRYSTFEEST

## Wat is moai?



### "Tink dy Tûk!"

Wannear is yts moai?  
Kin yts moai en tagelyk ûnsjoch wêze?  
Bestean der dingen dy't alle  
minsken moai fyne?  
Kin yts moai fan binnen en  
ûnsjoch fan bûten wêze?  
Bist moai ast moaie klean  
oan hast?

*Tinkeksperimint*  
Stel dat alles op 'e wrâld  
moai is, bestean der dan  
noch moaie dingen?



### "Ja jongu, nee juh!"

Yts is moai as elkenien it moai fynt!  
In moaie sjonger kin better sjonge!  
Bist moai ast moaie klean hast!  
It is wichtich om moai te wêzen!  
In krystbeam sûnder piek is  
net moai!  
In keunst krystbeam is net moai!



### "Harrekrastes!"

Krystbal wêze of piek wêze...  
Altyd krystferskes of  
altyd karnaval ferskes...  
It is altyd kâld bûten of  
it is altyd waarm bûten...



# JIERDEIFEEST

## Wat is in namme?



### "Tink dy Tûk!"

Ha alle dingen (minsken, bisten) in namme?  
Wêr komme nammen wei?  
Is in namme wichtich?  
As yts gjin namme hat, bestiet it dan wol?  
Asto in oare namme krigest, bist dan noch deselde?  
Past dyn namme by dy?

  
Tinkekspirimint  
Stel dat elkenien op 'e  
wrâld deselde namme hie?



### "Ja jongu, nee juh!"

Alle dingen yn 'e wrâld ha in namme!  
Der bestean bisten dy't noch gjin namme ha!  
Ast in oare namme krigest dan bist net mear deselde!  
De wrâld kin net bestean sûnder taal!  
Dyn namme seit yts oer dy!  
Moast dyn eigen namme kieze kinne!



### "Harrekrastes!"

Eltse dei in oare namme of foar altyd Hynder jitte...  
In Ingelske namme of in Frânske namme krije...  
Deselde namme as dyn freon of deselde namme as dyn heit...  
Sneeuw Witje of Assepoester jitte...

Lês, laitsje, tink en praat mei elkoar...tink dy tûk!

Dit boekje is in produkt fan Tink dy Tûk! Alle produkten fan 'Tink dy Tûk!' stean yn it teken fan filosofearje mei bern. Troch mei bern te filosofearjen leare se dat de wrâld net swart-wyt is, dat in oar der oars oer tinke kin en dat dit ok is. De bern leare mei filosofearjen krytysk te tinken, mei elkoar in fraach te ûndersykjen troch te harkjen, te praten en fragen te stellen. Sa wurde se wizer oer harsels, de oare bern en de wrâld.

It boekje 'filosofearje mei feesten' kin hiel goed kombinearre wurde mei oare projekten fan Ynspirearjend Meartalich Underwiis. Sjoch dêrom op [www.inspirerendmeertaligonderwiis.nl](http://www.inspirerendmeertaligonderwiis.nl), dêr't alle projekten opstean en meitsje in plan om op in ynspirearjende wize mei Frysk en meertaligens oan de slach te gean.

© 2022, Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid,  
NHL Stenden Hogeschool  
Rengerslaan 8-10, 8917 DD Ljouwert  
[lectoraatmg@nhlstenden.com](mailto:lectoraatmg@nhlstenden.com)  
ISBN 9789082883763 Tink dy Tûk!

Neat út dizze útjefte mei op hokker wize fermannichfâldige wurde sûnder dat dêr skriftlike tastimming fan de gearstallers oan foarôfgiet.

